

De metamorfoaze

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 303 9

1e printinge 2021

Yn 1915 foar it earst ferskynd ûnder de titel

Die Verwandlung by Kurt Wolf Verlag yn Leipzig.

© 2021 Fryske oersetting: Wolter Jetten

Eksimplaren binne te bestellen fia de boekhannel of
streekrjocht by de útjouwerij:

Útjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Útjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de
provinsje Fryslân.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre
gegevensbestannen en/of iepenbier makke wurde troch middel fan druk, foto-
kopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike
tastimming fan de oersetter en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other
means, without written permission from the translator and the publisher.

De metamorfoaze

Franz Kafka

Oerset troch Wolter Jetten

Foarwurd

As jonkje fan 16 jier naam ik mei in freon de Eurolines bus fan It Hearrenfean nei de Tsjechyske haadstêd Praach, it berte- en wenplak fan Franz Kafka. Dat wienen doe oare reizen as no. De grinskontrôle duorre sawat in oere, de diken yn Tsjechje sieten fol mei gatten en oan 'e kant fan 'e wei stienen tsientallen prostituees te wachtsjen op beteljende gasten út it westen. Praach wie foar ús in koarte tuskenstop fan ien middei. Troch it reinige waar koe de grize loft amper fan de grize fasaden ûnderskieden wurde. Yn de minder prominente strjitten wienen de fasaden ek yn in minder prominente tastân as no it gefal is.

Fan myn 19e ôf ried ik faker nei Praach, want ik wenne doe deunby Kaiserslautern en de ôfstân nei Praach wie net folle langer as de ôfstân nei Ljouwert. As militêr wurke ik dêr doe by in ynternasjonale NAFO-ienheid op de fleanbasis Ramstein. Sadwaande krige ik Tsjechyske freonen dy't my meinamen nei Praach en my fan alles oer it lân en de minsken learden. Sa begûn ik stadichwei

fan de stêd te hâlden. Wylst myn leafde
 foar Praach groeide waarden de histoaryske
 fasaden restaurearre. Dat dy leafde foar
 Praach ea noch ta in oersetting liede soe...
 In dosint yn it frjemdetaleûnderwiis moat syn
 klassikers kenne. Sa krige ik by myn learare-
 oplieding Dútsk it boek ‘Die Verwandlung’
 fan Franz Kafka ûnder eagen. Myn
 Tsjechyske freonen hienen it wol faker oer
 him; in aparte persoanlikheid mei ûnbidige
 skriuwerskapasiteiten. Dyselde freonen hienen
 my lykwols nea ferteld dat syn oarspronklik
 wurk yn it Dútsk skreaun wie. Ik haw my
 letter ôffrege wêrom net. Wie dat no sa’n
 ûnbelangryk detail of lei it noch hieltyd oan
 it anty-Dútske sentimint dat ik as 16-jierrige
 noch sterk priuwe koe? Hawar, by it lêzen
 fan ‘Die Verwandlung’ seach ik hieltyd
 wer Praach en syn skitterjende fasaden foar
 my. Foar my wie it suver in mearkeseftige
 kontekst.
 Nei myn learare-oplieding haw ik socht nei
 Fryske oersettingen fan Kafka syn wurk.
 It resultaat wie ien koart ferhaal dat op de
 webside fan it Frysk literêr tydskrift “Ensafh”
 stie. Nei dy teloarstellende syktocht haw

ik fierder socht nei Fryske oersettingen fan Dútsktalige klassikers. As dosint Dútsk en Frysk fyn ik it belangryk dat dy klassikers yn ús taal tagonklik binne. Dy gedachte galme my hiel lang troch de holle. Op in gegeven momint begûn ik sels om te pielen mei stikjes tekst fan Johann Wolfgang von Goethe, Günter Grass en Heinrich Böll, mar sûnder de yntinsje om dêr in folsleine oersetting fan te meitsjen. By Franz Kafka wie dat oars. Kafka syn skriuwstyl hold my yn 'e besnijing. It waard suver in sport om it saneamde *kafkaëske gefoel* yn begryplik Frysk tagonklik te meitsjen. Yn 'e maitiid fan 2018 naam ik it beslút om it boek oer te setten.

It oersetwurk gong net sa flot as ik wollen hie. As in foltiid wurkjende heit dy't studearret en warber is foar de Jongfryske Mienskip wist ik dat tiid in ding wurde soe. Lykwols wie de grutste swierrichheid it oerbringen fan it kafkaëske gefoel yn it Frysk. Myn earste útgongspunt wie om sa ticht mooglik by de oarspronklike Dútske tekst te bliuwen. Yn dy oersetting stienen hiele lange sinnen en wurden dy't foar de hjoeddeistige lêzer suver net bekend binne. Der moast in kompromis

sletten wurde tusken de oarspronklike
Dútske tekst en de Fryske oersetting.
Ekstreem lange sinnen, sa't dy yn it Frysk
hast net foarkomme, waarden ynkoarte.
Dêrneist waarden wurden en útdrukkingen
modernisearre wêr't dat perfoarst nedich wie.
Minsken dy't wolris in tekst nei it Frysk
oersetten hawwe moasten altyd in kar meitsje.
Der binne safolle manieren om itselde te
sizzen. Mar seisto dan wol itselde? Of is de
konnotaasje fan it iene wurd krekt eefkes wat
oars as it oare wurd? Hoe soe Kafka it yn
it Frysk sein hawwe? Of is it ûnsin om soks
te tinken? En bin ik in eameljende purist as
ik argayske wurden en konstruksjes brûk?
Of bin ik fan myn Fryske religy ôffallen
wannear't ik anglismen, germanismen en
hollannismen tastean? In protte fan sokke
ismen liede by guon minsken ta argewaasje.
Ik haw my net tsjinhâlde litten om purismen,
omgongs- en jongereintaal, germanismen,
ensafh. te brûken yn dizze oersetting. In pear
kear haw ik de wurdkear oan oare minsken
oerlitten. As titel hie ik 'De Stalferwikseling'
en 'De Metamorfoaze' foarsteld; it is úteinlik
'De Metamorfoaze' wurden. Soks fyn ik

krekt it moaie fan it oersetten yn it Frysk. Der falt wat te kiezen! It ferskaat oan wurden en konstruksjes draacht neffens my by oan de rykdom fan in literêre oersetting.

By de earste publikaasje fan ‘Die Verwandlung’ hat Franz Kafka der op oanstien om gjin ynsekt op it omslach ôf te byldzjen. Nei syn dea hawwe in protte útjouwerijen op dy winsk fan Kafka skiten. Doe’t ik begjin 2018 tegearre mei myn soan yn Praach wie, seach ik dêr yn de toeristewinkeltsjes allegear oersettingen fan ‘De Metamorfoaze’ lizzen. De measten hienen op ’e foarkant in krobbe, dus net sa’t Kafka it woe. By it earste petear mei Jitske Kingma fan Utjouwerij Elikser haw ik te witten dien dat syn winsk ek myn winsk is. Mei dy kennis sille grif lêzers de oersetter as in wrâldferbetterer of in romantikus sjen. Myn doel hat altyd west om in sa goed mooglike oersetting te meitsjen en de geast fan Kafka sa goed mooglik oan de Fryske lêzer oer te bringen.

Haadstik 1

Gregor Samsa seach himsels nei in ûnrêstige nacht op bêd lizzen en murk dat hy feroare wie yn in ûnhuerich ynsekt. Hy lei op syn rêch en dy wie sa hurd as stiel. As hy de holle in stikje optilde, koe hy syn brune opblaasde búk mei dêrûnder de bôgefoarmige ribben sjen. De tekken dy't deroerhinne lei wie eins te lyts foar de hichte en koe der samar ôffalle. De poatsjebrij, wat wienen syn poaten dochs ôfgryslík tin yn ferliking ta syn grou liif, teistere him helpeleas foar de eagen.

“Wat is der mei my te rêden?” frege er himsels ôf. It wie gjin dream. Syn keamer, in normale ienpersoanskeamer dy't wat oan 'e lytse kant wie, lei freedsum opsletten tusken fjouwer bekende muorren. Op 'e tafel lei in útpakte kolleksje stoffen kreas útstald, Gregor wie hannelsreizger. Boppe de tafel hong yn in fergulde list in foto dy't hy resint út in tydskrift knipt hie. Dêrop wie in dame te sjen mei in bûntmûtse en boa, de rêch strak oerein. Suver har hiele ûnderearm

waard wei yn de grutte swiere bûnten mof
dy't se nei de skôger ta omheech hold.

Gregor seach nei it rût. It tsjustere waar,
de reindrippen kletteren del op it sinken
finsterbank, makke him swier mankelyk.
“Wat as ik my wer deljou en alle rariteiten
ferjit?” tocht er, mar dat koe er net, want hy
wie wend om op syn rjochterside te sliepen
en troch syn nije hoedanichheid wie dat net
mooglik. Hy besocht út alle macht op syn
rjochterkant te rôljen, mar skommele like
hurd werom en lei dan wer op 'e rêch. Hy
besocht it wol hûndert kear, die de eagen
ticht sadat hy de poatsjebrij net sjen hoegde
en joech pas belies doe't hy yn syn side in
lichte doffe pine begûn te fernimmen.

“Ferdomme,” tocht er, “it wurk freget wol in
hiele protte fan my! Alle dagen wer op reis.
En bûten de saak haw ik suver noch mear
wurksumheden as op de saak sels. As ik op
reis bin, moat ik mei fan alles rekken hâlde;
de reishinder, oerstaptiden, ûnregelmjittich en
fet iten, altyd wer oare minsken tsjinkomme
en yn de kommunikaasje is dat folk nea

oprjocht. En mei dy tiidfergriemerij giet myn hiele dei nei de bliksem!” Op syn búk jûke it in bytsje. Hy skode him stadich op 'e rêch nei it hollenein ta om de kop better optille te kinnen en seach doe it jûkersplak. It wie in plak mei dêrop allegear lytse wite punten. Hy wist net wat it wie. Hy woe it plak mei ien fan syn poaten oanreitsje. Dy poat luts hy fuort werom, want by it oanreitsjen gong him de grize oer de grouwe.

Hy glied yn syn eardere posysje werom. “Fierstente betiid fan 't bêd ôf,” sa tocht er, “makket in minske dwyl. In minske hat gewoan sliep nedich. Ek yn de hotels hawwe de oare hotelgasten it gâns better as ik, want as ik yn 'e rin fan 'e moarn weromgean nei it hotel, om de ûntfongen bestellingen troch te jaan, sitte de oare hearen pas oan 't brochje. As ik dat by myn sjef dwaan soe, soe ik fuortdaliks oppakke kinne. Mar, wa wit, it soe likegoed posityf foar my útwurkje kinne. As ik my no in kear net ynhold omreden fan ús heit en mem, dan hie ik in moai skoft lyn al myn ûntslach yntsjinne. Dan soe ik him opsykje en eefkes dúdlik myn ferhaal

spuie. Hy soe fan syn lessener ôfdonderje! It is trouwens ek wol bysûnder om as sjef op in lessener sitten te gean en út 'e hichte wei mei in meiwurker te praten, wylst de sjef aardich dôf is en de meiwurker eins oerein komme moat om goed ferstien te wurden.

Mar goed, ûntslach nimme is net ûnmooglik. Want stel dat ik it jild by elkoar krij, en dat sil noch in jier as fiif, seis duorje, dan kin ik de skuld fan heit en mem betelje en dêrnei dien nimme. Dat soe sa moai wêze. Mar no moat ik earst fan 't bêd, want de trein set om fiif oere ôf.”

Hy seach nei de wekker dy't op 'e kast stie te tikjen. “Harrejasses!” tocht er. It wie healwei sânen, de wizers beweegden konstant foarút. Healwei sânen hie it west en no rûn de klok nei in kertier foar. Is de wekker net ôfgien? Fan 't bêd ôf koest goed sjen dat it alarm op fjouwer oere set wie. Hy is wis ek ôfgien. Hoe wie it yn de goedichheid mooglik dat hy him troch it alderheislikste ratteljen hinne dochs fersliepe koe? Hawar, ûndanks de ûnrêstige nacht hat hy genôch oeren sliept. Wat soe hy no fierder dwaan kinne? De folgjende trein

gie om sân oere. Dy soe hy wol helje kinne, mar dan moast hy wol hiel fluch nei it stasjon ta en syn kolleksje stoffen wie noch net iens ynpakt. Hy fielde him ek hielendal net sa fris en beweechlik. En al soe er de trein helje, dan feroare dat noch niks oan it strieminne sin fan syn sjef. Want syn fersom wie al lang melden troch de winkelfeint dy't de trein fan fiif oere naam hie. It wie in skepsel fan de sjef, gjin rêchbonke en sûnder ferstân. Wat as er him no siik melde soe? Dat soe wol hiel ûngemaklik en fertocht wêze, want Gregor hie yn syn fiif jier by de baas noch net ien kear siik west. De sjef soe him nei de bedriuwsarts stjoere, syn âlden it ferwyt meitsje dat harren soan net doge soe en alle krityk op de ferwizing nei de bedriuwsarts skouderje. Neffens de bedriuwsarts wienen der mar twa soarten minsken op de wrâld: Sûnen óf wurkskouwen. Wie dat by him no sa oars? Gregor fielde him nei de ûnrêstige nacht in bytsje draaierich, mar fierders fielde hy him sa sûn as in fisk en hongeric as in bear.

Doe't hy dêr in telmannich oer neitocht en gjin beslút naam om it bêd te ferlitten,

de wekker sloech wilens kertier foar sânen, waard der foarsichtich op 'e doar by 't fuottenein fan syn bêd kloppe. “Gregor,” rôp syn mem, “it is kertier foar sânen. Moatsto net fuort?” Wat in sêfte stim! Gregor skrok doe't hy syn eigen stim hearde wylst hy antwurd joech. It wie sûnder mis syn eardere stim. De stim hie him fermongen mei in pynlik geiip dat ûnder út syn lichem wei kaam en net te bedimjen wie. Sa lieken de wurden op it earste gesicht noch dúdlik en helder, mar yn 'e neiklank waarden se sa ûndúdlik dat men net rjocht neigean koe wat der sein wie. Gregor woe wol graach antwurdzje en syn ferhaal dwaan, mar troch alle omstannichheden moast hy koart wêze yn syn antwurd: “Ja ju, bedankt mem, ik kom sa wol.” Troch de houten doar hinne wie Gregor syn stimferoaring net te merkbiten, want mem wie troch syn wurden delbêde en gie wer fierder. Mar troch it lytse petear hienen de oare gesinsleden, dy't tochten dat Gregor al lang fuort wie, no ek ûntdutsen dat hy noch thús wie. Heit kloppe súntsjes mei de fûst op 'e syddoar. “Gregor, Gregor”, rôp er, “wat is der oan?” Nei in hoartsje begûn er

mei in djipper stimlûd: “Gregor! Gregor!” By de oare syddoar rôp syn sus: “Gregor? Hoe liket it? Kin ik wat foar dy dwaan?” Nei beide kanten ta andere Gregor: “Bin al klear.” Hy die alle war om de útspraak sa geef mooglik te meitsjen. Hy ûnderbruts de losse wurden mei lange pauzes sadat der niks frjemds te hearren wie. Heit sette him wer oan syn brochje, sus flústere: “Gregor, kom no, ik freegje allinnich mar oftsto de doar eefkes iependwaan kinst.” Gregor prakkesearre net oer iependwaan. Hy wie no hiel bliid dat hy sawol thús as op reis altyd deselde feilichheidsmaatregel naam, nammentlik de doarren op ’t slot te hâlden as er sliepte.

Hy woe earst mar rêstich fan ’t bêd ôf, him oanklaaie en ite as in wolf. Hy koe letter wol wer oan oare saken tinke, want op dit momint makke it bêdlizzen him net wizer. Hy koe it him goed heuge dat hy op bêd wol faker pine field hie, mooglik feroarsake troch in ûngebrûklike lichemshâlding. As hy dan fan ’t bêd ôf kaam like dy pine in yllúzje. Hy wie benijd hoe’t alles, wat er him no ynbylde, stadichwei wer ferdwine soe. Hy wie der wis

fan dat de stimferoaring neat oars wie as in foarboade fan in flinke ferkâldheid, want dat wie no ienkear de beropskrupsje fan alle hannelsreizgers.

De tekken fan him ôfslaan wie sa ienfâldich as wat; hy hoegde him mar in bytsje op te blazen en hy foel al. Mar de rest wie allegear lestich, foaral omdat hy sa ôfgrysluk breed wie. Hy soe earmen en skonken nedich ha om oerein te kommen, mar ynstee dêrfan hie er allinnich mar in hiele protte lytse poaten dy't hieltyd alle kanten út beweege. Gregor hie de poatsjebrij net ûnder kontrôle. Wannear't hy ien poat bûgje woe dan strekte de poat him just hielendal út. En as it him wol slagge wat hy mei syn iene poat woe, dan wurken ûnderwylst alle oaren, as wienen se op 'e rin slein, mei de heftichste en pynlikste opwining. "No mar net doelleas op bêd lizzen bliuwe," spriek Gregor ta himsels. Earst woe hy mei it ûnderste diel fan syn lichem fan 't bêd komme. Lykwols hie hy dat ûnderste diel noch net sjoen en sadwaande koe hy him dêr ek gjin foarstelling fan meitsje. It wie ferrekte lestich

om yn beweging te kommen en dêrtroch
gie it ek sa ferrekte stadich. Lang om let
smiet hy himsels as in wylde út alle macht
sa domdryst nei foarren dat hy de ferkearde
rjochting keas, him fûl oan it fuottenein
stjitte en de baarnende pine fiede. Dat joech
him it ynsicht dat it ûnderste diel fan syn
lichem faaks ek it gevoelichste diel wie.

Hy besocht dêrom earst mei it boppeliif fan
't bêd te kommen en draaide foarsichtich
de holle nei de râne fan 't bêd. Dat slagge
de helte makliker en nettsjinsteande de
breedte en it gewicht, folge de lichems massa
de draaiïng fan syn holle. Mar doe't hy mei
de holle oer de bêdsrâne hong, waard hy
bang. Hy woe sa net fierder foarútskove.
Stel dat hy no wol trochgean soe en hy soe
falle, dan soe der in wûnder nedich wêze om
in ûnbidich hurde klap op syn holle foar te
kommen. Hy mocht perfoarst net út de tiid
reitsje, dat hy bleau mar op bêd lizzen.

Mei likefolle ynspanning besocht hy nochris
fan 't bêd te kommen, mar it slagge him net.
Hy lei nei te hymjen en seach syn poaten

noch wylder as earst omheisterjen. Hy koe net gewaarwurde hoe't hy se wer kalm en evenredich krije moast en spriek doe ta himsels dat it bêdlizzen gjin mooglikheid wie en dat it krekt ferstannich wie om alles op alles te setten, hoe lyts oft de kâns ek wie, om fan 't bêd te kommen. Mar tagelyk fergeat hy net om tuskentroch ek noch derom te tinken dat it folle better wie om kalmte te bewarjen en nei te tinken ynstee fan ympulsyf te hanneljen. Op sokke mominten rjochte hy de eagen sa skerp mooglik nei it rût, mar spitigernôch koe er út de dize, dy't sels de oare kant fan de strjitte ferburch, net folle treast en opteinens helje. "Sân oere al," sei er by it fannijs ôfgean fan syn wekker, "sân oere en noch hieltyd sok dizich waar." In skoftlang lei hy dêr stil en sykhelle sûntsjes, krekt as soe hy út de djippe stilte it weromkommen fan realistyske en natuerlike tastannen ferwachtsje kinne.

Doe spriek er ta himsels: "Foar't de klok kertier oer sânslacht, moat ik wiswier fan 't bêd ôf wêze. Mar ek dan sil der wol ien út de saak wêze dy't nei my freget, want de saak